



# **AS IT MAR WIER IS!!!**

**(Als 't maar waar is)**

**Klucht**

**door**

**HUB FOWER**

**Fryske oersetting**

**Jan de Vries**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07**

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **AS IT MAR WIER IS!!!-ALS 'T MAAR WAAR IS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HUB FOBER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **ROLFERDIELING: 1 man – 6 froulju.**

Annet: fjochtsjend foar it behâld fan har buorkerij, ûnder it motto alles kin en alles mei.

Paulien: har dochter dy ek op de buorkerij wurket en har mem trou ta help.

Ingrid: har oare dochter, mear in kantoar typke, mar stipet mem in alles by har plan

Marie: eartiids en noch hieltiid mei de famylje befreone help, dy bewiist in poerbêste aktrise te wêzen.

Griet: Is lomp, bazinnich en in bemuoi sike manljusgek.

Du Bois: rûge en tûke tante, dy elts middel oangrypt om in oar te bedragen.

Bram: aaklike, feninich lyts rot keardeltsje, in grutte seur mei in fierstente hege Ferbylding.

## **DEKOR:**

Fan út de seal wei sjoen yn de koarte kant in doar dy nei de keuken giet en sa fier mooglik nei foarren ta. Yn de rjochtse kant en sawat yn de midden in túndoar. Yn de efterkant in iepen trochgang. Dizze wurdt foar in grut part brûkt om rjochts ôf te gean. Mocht dit al lofts wêze dan jout de tekst dit oan. Lofts is namlik de foardoar en rjochts komt op it hiem út, wat ek via de túndoar te berikken is. Tsjin de achterkant stiet in goed yn it each springende kast mei twa doarren en ien of twa laden., kin in oarte fan buffetkast wêze. Op de kast stiet en siertablet mei fiif as seis wynglézen. Meast lofts foar it toaniel de ytkeamer tafel mei trije stuollen, rjochts in sit hoeke, besteande út in tafeltsje mei trije sitsjes. Fierders de oanklaaiïng lyk as in gewoane hûskeamer. Earne stiet in lyts wynrek mei in stik as wat flessen deryn. Net needsaaklik, mar wol moai meinaam. Geandewei it stik wurdt der sa út en troch in flesse iepen makke, soarchje der dan ek foar dat de koark maklik en mei de hân der út helle wurde kin.

## EARSTE BEDRIUW

(*Bram stiet by de itenstafel, smart en yt bôle.* )

Annet: (midden op, sjocht op de tafel) *Wêrom binne der gjin aaien?*

Bram: Ek goemoarn.

Annet: Ik freegje dy wat Kruithof.

Bram: Dan moatsto dy huffer, dy sto ús ferline jier sa nedich op de hûd plakke moatst, freechje. Wy mochten der dôchs fan útgean dat dy de aaien opsykje soe...mar ja!

Annet: (*smart en yt ek bôle*) De earste kear datsto immen moetetst wêr asto neat op oan te merken hast, hingje ik de flagge út.

Bram: Moatst hearre wa as it seit! Krekt as koest it wol mei him fine.

Annet: Kruithof, ik haw dy no al tûzend kear útlein dat it in needsprong fan my west hat. Ik bin der blyn fan út gien dat hy wol wat jild ha soe wêr' t ik my dan wer mei rôde koe. Kin ik der wat oan dwaan dat it ien grutte leugen wie?

Bram: Nee, as jo sels blyn en oaljedom binne kinne jo nearne wat oan dwaan. As Peter der weet fan ha soe wat asto foar him yn it plak werom naam hast en wat asto dyn dochters foar in styfheit jûn hast, soe der him, as er "net" kremearre wie, yn syn grêf omdraaie.

Annet: Lit Peter hjir bûten ja....boppedat, mei dizze wie ik gelokkich net trouw!!

Bram: Nee hokje....dat is it.

Annet: Do wist hyl goed dat wy al maanden net mear by elkoar slipten.

Bram: Aha, fandêr.

Annet: (*doch him nei*) Wat "aha, fandear" ?

Bram: Wat stie der doe yn de advertinsje? Lit my riede ... "sa fan: "wa wol mei allinne sliepende dame...no ja, dame....eh, iensame nachten diele"?

Annet: (*Tergje*) It is omdat ik Peter op syn stjerbêd tasein ha datsto,syn neef, hjir oant de lêste snik ta op de buorkerij bliuwe meist,oars dan....dan...

Bram: (*Pakt in brief fan de tafel en smyt dizze foar Annet del*) Sjoch hjir no ris, dit liket oars fertocht folle op in manljushânskrift.

Annet: Der sit net iens in postsegel op. Wêr hasto dy brief wei?

Bram: Dy lei hjir op de tafel.

Annet: Ferhip, dat is syn hânskrift, (*ritst de brief mei in mes iepen, lêst tige hastich en dan yn jubelstimming*) Bram...Bram Kruithof.... ik hingje fuort net in foto fan dy boppe myn bêd, mar no soe ik dy

hast wol tútsje wolle!!

Bram: No is it har ek noch yn de plasse slein.

Annet: (*Út de skroeven*) Hy is fuort, ôfset, pleite, wy binne fan him ôf!

Bram: (*droech*) Fan wa?

Annet: Fan myn fergissing, dy klaprinner.

Bram: Sjochst no wol, der is wier net mei dy te libjen, oars wie der grif wol bleaun. (*Sil ôf gean*)

Annet: Wachtsje even Kruithof, der stiet ek wat oer dy yn de brief.

Hear mar, (*lêst*) "By de gedachte allinne al" om de dagen troch te kommen mei dy "Kruithommel" om jin hinne, hat myn beslút om fuort te gean allinne mar fersneld. Wat in omkoal.

Bram : Ik ha doch al sein dat der mei dy fint ek net te libjen falt.

Annet: (*Yn panyk, smyt de brief op tafel, ropt it laat fan de kast iepen, graait der as in gek yn om*) Sjochst wol....neat mear...o nee...Bram, dy ellindeling hat dat jild.... € 3.800 foar Du Bois.... (*sakket op in stoel del*) No is it dien mei ús!

Bram: (*earm om har skouder, flaaikjend*) Moatst hearre Annet, ik sil ek nea in foto fan dy op myn keamer hingje, mar ik ha no wol begrutsjen mei dy.

Annet: (*Oandien*) Tank je Bram, tankewol.

Bram: (*Lit har los*) Datsto in stomme ko wiest wist ik al, mar datsto sa dom bist!!!!....nee.

Annet: (*Yn panyk*) Kruithof, no net langer eamelje,hjoed oer in wike hellet Du Bois dat jild yn heechst eigen persoan op en as ik dan net betelje kin, steane wy op strjitte.

Bram: No en...dat is wer ris wat oars.

Annet: As jo je eigen hûsgenoaten net iens mear fertrouwe kinne....

Bram: Datsto dy mageswolm op twa poaten noch beskôgest as dyn hûsgenoat! Dan bist noch grutter slûgert dan ik tocht hie! Sa-wy-sa asto ek noch yn see giest mei in stjonkbist lyk as dy Du Bois. Dan soe de kwalifikaasje "efterlik" eins noch better by dy passe.

Annet: Och jonge ja , jawis... efterôf ouwehoere is maklik no, efterôf sjogge jo in ko yn de kont.

Bram: Asto dyn taken hjir mei behear útfierd hiest wie it hjir nea sa fier kaam. Ik haw dy goede rie jûn, mar lústerje... ho mar.

Annet: It ienige wat út dyn mûle wei komt is berneftich geëamel en ûnnoazel geswets.

Bram: Goed Annet fan Doorn, dan sil ik, earme siel, slachtoffer fan dom en ûnsaakkundich belied, dit stee ferlitte. Dat dyn gewisse dy oant yn lingte fan dagen pleachje mei.

Annet: (*springt op, woest, grypt Bram fêst*) Dom en ûnsaakkundich belied? Wolsto, aaklich strontmansje, soms beweare dat it "myn"

skuld is dat it no faai stiet mei de buorkerij? Asto noch ien...!!!

Paulien: (*yntusken op mei Ingrid, troch de midden, gripe yn*) Leave  
santjin wat is hjir geande...mem...mem

Ingrid: (*ek tuskenbeiden*) Mem...aansens barre der noch ûngelokken!

Paulien: Binne jimme no hielendal fan de pot skuord?

Ingrid: Twa folwoeksen minsken....jimme moatte jim skamje!

Bram: Sy begong, wier, ik swar it. Sjogge jim net hoe sy my  
behannelt? Eltsenien respektarret my as Bram de Ram, mar sy.....

Paulien: En Bram de Ram hat fansels wer neat dien, ja dat witte wy  
no wol.

Ingrid: (*Op de tafel wize*) En wat hat dit skiterich gedoch hjir te  
betsjutten?

Bram: Soest der ek “bliid” mei wêze kinne dat ik sa goed west bin in  
oar syn beantsjes te dopjen, oars hie der no noch neat op de tafel  
stien!

Paulien: Mem...wat is hjir fan ‘e moarn doch te rôden. Minsken,  
minsken.

Annet: Ja bern, ‘t is eh...no ja. Koartsein; lang om let binne wy no fan  
dy omstipper wer’ t jimme san ferskuorrende hekel aan ha, dy  
keardel mei syn twa loftse hannen, ferlost.

Paulien: (*Hoopfol*) Dus hy is fuort?

Bram: Jaaa, hold it ek al net mear by har út!

Annet: (*Driigjend*) Kruithof!!

Ingrid: (*Út de skroeven*) Mem, pleite?, dat mienst net hè, is hy  
foargoed fuort?

Paulien: (*Út de skroeven*) Hy komt wier net wer werom?

Annet: As wy alle feiten yn acht nimme.....nee dan sjogge wy him hjir  
nea wer.

Paulien: Wat foar feiten?

Bram: Dy smearlap hat it jild, wat foar Du Bois oarnearre wie,  
meinaam (*nimt de brief fan de tafel*) Sjoch, lês mar (*Paulien kriget  
de brief oan en sjocht der koart op*)

Ingrid: (*Rekket Annet treastend oan*) Och mem, ik bin der wis fan  
datst hjir ik wol wer wat op útfine silst.

Paulien: (*ek by mem*) Wy hawwe mei syn allen al safolle stoarmen  
oerlibbe. Om mem har wurden mar te brûken: “*De wrâld is rûch en  
wa’t him net rôde kin is slûch*”.

Bram: (*Eptich*) Sa is’ t mar krekt en Bram de Ram is der ek noch  
(*froulju sjogge elkoar mei grutte eagen oan*)

Alle trije: Bram is wat??

Ingrid: Gut, dy misliksma fuort...ik kin it eins noch net leauwe!!

Paulien: Okee okee, it wie dan wol in omstipper en in luie sukkel, mar

it feit blywt, dat der no folle mear wark op ús skouders telâne komme sil.

Annet: Dat is wier, mar krekt no moatte wy solidêr wêze mei elkoar en dan allegearre mar in bytsje mear hea op de fuorke nimme.

Ingrid: Sa is' t, wy ferdiele it wark gewoan ûnder elkoar.

Bram: Makje doch, wy sette alles op in rychje, diele dat troch 3 1/2 en klear is it.

Annet: (*Erchtinkend*) Neffens my binne mei ús fjouweren, werom dan diele troch 3 1/2?

Bram: Ja hallo, do rekkenst dy sels doch net ta in hielenien wol?

Annet: (*Woest op him ta*) No knyp ik dy de strôte ticht, do giest foar de rotten , do smoarge efterbakse smearlap...do....

Ingrid: (*Besiket mei Paulien de beiden út elkoar te heljen*) Mem, toe no...mem asjeblyft, net dwaan, ophâlde.

Paulien: (*Hat de brief op tafel smiten*) Mem behearskje dy, mem! Hearst my...do fermoardest him noch...mem...

Annet: (*Keart har fan Bram ôf*) Dan is der noch “neat” wei. Hy hellet jin it bloed ommers ûnder de neilen wei, dy rotsak.

Ingrid: (*Woest*) No moatte jo ris goed lústerje Kruithof. Ik haw noch nea in wurd smoarich makke oan jo lomp hâlden en dragen, mar no jou ik dy op in briefke: “ Dat asto dy hjir no net in bytsje gedrage kinst, ik in stik hout krij en dy dermei persoanlik de kop yn slach”!

Paulien: (*Woest*) En mocht sy dat no net allinne ôf kinne, dan help ik har mei alle wille in hantsje. (*Dit giet Bram doch wol kåld oer de lea*)

Ingrid: Sisa (*Ôf nei de keuken*) Kom mei Paulien, my tinkt dat wy no wol oan in kop kofje ta binne.

Paulien: (*Nimt brief mei fan de tafel*) Tocht ik....kinne wy tagelyk it moarnsnijs moai efkes trochnimme (*brief lêzend ôf*)

Bram: Toe Annet, do kinst my doch, do witst hoe ik bin? Ik bin myn eigen skepper ferdoarje doch ek net west!

Annet: Ja, ja, it is wol goed, troch al dizze reboelje bin ik sels ek net.... (*stiet kwyk op en fan no ôf oan is sy hyl wis fan har sels*) Mar ik wit no hiel skuon wat my te dwaan stiet. Fan no ôf oan set ik plan F yn wurking.

Bram: (*Ünsiker*) Plan F? Ooh ja, ja, de F van frede bedoelst.

Annet: Frede? Ferjilding man! Wraak!!

Bram: Mar ik sis doch krekt dat ik myn eigen skepper ek net west ha.

Annet: Ik haw it net oer dy wol? Man!! It giet om dat stjonkbist Du Bois! No' t ik lang om let fan dy “fint” ôf bin, ha ik der hielendal wer sin yn.

Bram: Do wolst it doch net opnimme tsjin Du Bois wol? Dy tante hat

in soad macht hear.

Annet: Tochtsto no wier dat ik my troch dat ûnderdoarke myn buorkerij ôfpakke lit? Ik doar wol ûnder de stok op te kommen. Ik sil dy skoarremoarrige tante te pakken nimme dat beloof ik dy.

Bram: Ja, ja “as it mar wier is”... (*Sil ôf troch it midden*) Mar kom....ik sil der ris by de bisten sjen.

Annet: Ooo nee freon, do “silst” hyl wat oars! Do hast ek in rol yn it stik wat ik optocht ha!

Bram: Sjochst wol, sy kin it wer net allinne ôf. En wat wurdt der dan sa al fan my ferlange! Wat hâldt dy rol dan krekt yn?

Annet: Op it binnenplak leit genôch plastic, metalen buizen, stikken túnslange, glêzen bakken, ferskate kabels en neam mar op. Dêr makkesto de kommende dagen in distillearderij fan.

Bram: Jawol baas. (*My grutte stappen ôf*) In distil.... (*komt werom*) Ja ho, ik kin it wurd net iens oer de lippe krije...lit stean dat ik wit wat dat is.

Annet: In apparaat wer’ t jo klandestyn alkohol mei stoke kinne.

Bram: Klandestyn....? en do wolst dat ik dat foar dy meitsje?

Annet: Ja, werom net? Do bist fan hûs út in ferdeald handige nifelder en ....earlik sein....it hoecht net echt te wurkjen.

Bram: Net echt te wurkjen?

Annet: Nee, do hoechst der allinne mar foar te soargjen dat it der hiel yngewikkeld útsjocht en dat it sa wurket; dat as jo der oan it iene ein in pear liter wetter ynkypere, dit dan troch it hiele apparaat hinne rint en oan de oare ein wer opfongen wurdt.

Bram: Okee baas, ta jo tsjinst baas... (*Under it ôfgean tikket der mei de finger tsjin syn foarholle*) Frjemd....as ik in opmerking meitsje oer dom en ûnsaakkundich belied wurd sy lilk!

Ingrid: (*út keuken op mei Paulien en mei kop kofje*) Sa mem einlings in bakje leut.

Paulien: Noch efkes oer dat jild mem. As wy alle trije no ris besykje hjir en dêr wat jild te lienen, dan moat eh...

Annet: Ho mar leave, ho mar. Wy regelje dit hiel oars. Ik haw wat betocht wer’ t wy Du Bois, dat stik drek, in poat mei útdraaie kinne. Ik wol in toanielstikje foar har opfiere en dêr moatte wy allegearre oan mei dwaan. Mar no kom ik in persoan te koart. (*Tsjin Paulien*) en derom matsto as de bliksem nei Marie om har te freegjen oft sy efkes by my komme wol.

Ingrid: Marie Smits? Wolsto har soms freegje har âlde wurk hjir op de buorkerij wer op te pakken?

Annet: Yn it foarste plak giet it my derom dat sy in betûft toanielspylster is en dy haw ik yn dit “stik” hiel hurd nedich.

Paulien: (*Oerein nei de túndoar*) Ooo sa, no dan sil ik der fuortdaliks hinne.

Annet: Sis mar net wer' t it oer giet, dat lis ik har sels wol út. (*Paulien óf*)

Ingrid: Mem moat har kofje opdrinke, it is al hast kåld tink.

Annet: Ja, ja...eh no wy efkes...wy beprate letter wol hoe wy it oanpakke sille mar watsto wol fuortdaliks regelje moatst is it folgjende. Do en Du Bois hawwe elkoar noch nea moete en derom moatsto in rol spylje as account manager fan in bedriuw wat op grutte skaal oandielen útjout.

Ingrid: Toe mar sis, toe mar...mem giet der fuort mar fan út dat ik dat wol kin?

Annet: Leave, do hast alles mei. Lústerje...Do iepenst earne in bankrekken op namme fan eh...wat sille wy sizze....Beleggingsbeheer Purper B.V.

Ingrid: Dan moat der eins ek san diplomaten kofferke komme mei dêryns wat papier sadat it der djoer útsjocht, miskien wat fisitekaartsjes drukke litte mei dêrop in betochte namme....

Annet: (*Entûsjast*) Jawis.

Ingrid: Mar dan soe it moai wêze as ik ek noch in eigen kantoar hie...mar hoe regelje ik dat?

Annet: Om myn part hierst foar in pear oeren in romte. Do moatst dat.....

Paulien: (*Op túndoar*) Jim leauwe it net hè, mar ik krige de yndruk dat sy ien fan ús al ferwachte!

Ingrid: Gean wei...hoe kin dat no?

Paulien: Ik hie de boadskip noch net oerbrocht as sy sei: ja dat hie ik wol ferwachte, sis mar tsjin jim mem dat ik der sa oan kom.

Ingrid: (*Giet oerein, óf túndoar*) Frjemd.....mar no moat ik wier fuort oars kom ik te let op myn wurk. Laterrrr.

Paulien: Ja, oant straks.

Annet: Sis Paulien, ik haw it der krekt ek al mei Ingrid oer hân en hoe wy no it ien en oare yn elkoar stekke sille dat repetearje wy de kommende dagen wol. Mar do kinst alfêst wol mei wat omballings begjinne. Dy kast dêr moat ûnderlyn leech en dernei setsto der san tritich flessen yn, sûnder etiket en allegearre fol mei wetter, op fjouwer nei.

Paulien: No..It is wol dûdlik dat mem immen flesse wol.

Annet: Wat tinksto, dêr is it my no krekt allegearre om te dwaan. Goed, dan hellestó by de sliterij trije flessen jonge kleare en ien flesse Spa read.

Paulien: En dêr makkestó dan in floiber huzareslaadsje fan?

Annet (*Gnysket*) Wer' t ik Du Bois mei te fiter nimme sil is klandestyn stookte jonge kleare mei in lichte fruit prikkel.

Paulien: (*Entûsjast*) No haw ik it troch, dy trije flessen jonge kleare jitte wy oer yn fjouwer neutrale flessen, folle it tekoart oan mei Spa read en sette dizze earne foar it gripen en de rest is nep.

Annet: (*Laitsjend*) Jüst en do bist in liepenien.

Paulien: (*Blier ôf troch it midden*) Ik lit my wol ferrasse, mar ik moat no wier wer oan de slach hear oars kom ik hjoed nea.... (*Marie op troch túndoar*) No sjoch ris, dêr is Marie ek al. (*ôf*)

Marie: Goeie, Annet.

Annet: Hé Marie, wat fijn datsto hijr sa snel bist, gjin der by sitten.

Marie: (*Docht dat*) 't is ommers mar in hoannestap.....mar eh, Annet, ik kin dy fuort wol sizze dat dyn probearen fergees west hat. Ik doch it net.

Annet: En ik haw Paulien noch sa sein dat ik it dy wol fertelle soe.

Marie: Paulien hat nei my ta neat loslitten hear, ik wie al op de hichte!!

Annet: Och kom Marie, dat is absolút ûnmooglik.

Marie: Watsto fêst net wist Annet is, dat doe't ik fanemoarn de krante út de bus helle, ik it hiele ferhaal al yn geuren en kleuren te hearren krike ha fan Gryt van der Werf. Sy hie him mei in koffer foar har hûs del gean sjoen, hat him doe fuort oansketten en fansels útkloarke.

Annet: (*Opluchte*) O bedoelsto dat, mar dat is eh.....

Marie: Nee, nee Annet, litte wy dit no foargoed útprate. Sjoch, do wist like goed as ik dat al dy tsjinstjierren by jimme, foar my hiele fijne jierren west ha. Oant Peter silliger dy ferfûerde Kruithof hijr op de pleats oanhelle. Om mei san figuer ûnder ien dak te wenjen? Annet dat kinne jim my wier net oandw...

Annet: Mar Marie, it is doch....

Marie: Nee leave, lústerje no efkes. Doet Paulien fuort wie haw ik alles noch ris goed hifke mar ik kin it net. Ik soe lige as ik sis dat ik net werom komme wol. Wy kinne skuon tegearre. Ingrid en Paulien fielden as myn eigen dochters en tegearre mei jimme soe ik de skouders der bêst wer ûnder sette wolle om it hijr mar wer op de rails te krijen. Mar net mei san kreatoer lyk as dy Kruithof om my hinne.

Annet: Ik wit it bern en ik haw it doesto fuort giest ek sa field. It slimste is it,noch hieltiid, foar de bern. Asto werom komme soest...wier sy sprongen in gat yn de loft en dy Kruithof...ja jo meie nimmen wat slims tawinskje mar as ik myn sin die dan ... no ja litte wy dêr mar oer op hâlde. Mar eh..Marie, de reden werom ik dy frege ha om hijr te kommen, giet om hiel wat oars. It is gjin geheim dat sûnt asto

fuort gien bist, it der hjir net better op wurden is.

Marie: Dat wit ik ek wol, de bern hawwe sa út en troch harren wol ris wat ûntfalle litten en it is godsgroulik dat san tarringlijer as dy Du Bois immen samar syn bestean ûntnimme kin.

Annet: Mar ik wit in manier om de buorkerij behâlde te kennen Marie. Allinne, haw ik dêr de help fan in betûfte toanielspylster lyk as dei by nedich.

Marie: Do hast in plan...? Ooo Annet as dit ris wier wêze soe en wis, op myn help kinsto rekkenje.

Annet: Ja? Wat geweldich! ! Lústerje, wy hawwe noch mar in wike, soenen wy de kommende dagen net in bytsje.....

Marie: Fansels, wat tariedings meitsje en repeatearje. Wis! Mar yn alle earnst; ik smeek dy, lit dy Kruithof oeral bûten want dy is mei syn lompe stompsinnichheid yn steat om alles te ferpesten. (*Rjochting midden ôf*) Dy hat hjir yn al dy jierren mear kwea dan goed dien.. (*fan midden nij túndoar*) Dit is koarter.. (*eat werom*) O ja, noch efkes oer dy saneamde sosjale en malloatige manljusgek Gryt van der Werf. Do hast wol yn de rekken wat foar konsekwinsjes it hawwe kin dat sy op de hichte is fan it feit dat dy luie opdonder fan dy hjir net mear tahâldt?

Annet: (*Üntset*) A jakkes ja, dan haw ik har aansens fansels sa oer de flier, dizze tastannen binne foar in rinnend rabbelblêd lyks as Gryt de krinten yn de brij.

Marie: En as jo dy regeltante hjir ien kear yn' e hûs hawwe.... (*no ôf*) Mar goed... eh...Paulien moat my mar efkes roppe as it safier is ja? No, oant aansens dan mar.

Annet: (*Ropt har efternei*) Fijn datsto my helpe wolst, tige tank alfêst! (*yntusken hat sy it papier út de kast helle, giet by de tafel sit en skriuw dingen op*)

Bram: (*Midden op*) No, sjoch hjir no ris, eltsenien is yn' t spier en mefrou sit rêtstich op har kont. Dat is ek ien fan de redenen dat it hjir hyltiid mear yn de nederklits bedarret.

Annet: (*Noartsk*) Åld wiif, lûk in rokje oan man, der binne ek minsken dy't de harsens "wol" ris brûke.

Bram: Wit ik wol! Mar yn dy kategory hearst do net thús. Mei ik dat sizze?.. Ja dat mei ik sizze omdatsto dy harsens simpelwei net hast. Nee..oars hysto der hjir net san púnheap fan makke.

Annet: (*Ferbyt har*) Kruithof wat docht hjir.

Bram: Ik moat witte hoe lang en breed as dat apparaat wurde moat.

Annet: Hoe lang en hoe breed?

Bram: Och ja, ik hie it witte kinnen, dat begrypsto ommers net. No goed, dan sil ik it dy besykje dûdlik te meitsjen by de kast, let op:

dit wurdt yn faktermen de lingte neamt en dit is dan de breedte.

Annet: (*Moede/leas*) Bram..is it wier sa moulik om sa út en troch no ek ris in bytsje normaal te dwaan?

Bram: Dat doch ik al geregeld, mar dan haw ik ek normale minsken tsjinoer my.

Annet: Man, krij om my it hin en wer en it op en del.

Bram: Dat haw ik al....oerhâlden aan de omgong mei dy.

Annet: (*woest*) Kruithof....meitsje datst der út komst! Oars stean ik net mear foar mysels yn.

Bram: Rêstich baas, rêtstich. Ik bin mei in doel nei dizze ûntspanningsromte takommen, om wat te freegjen wist noch wol?  
Lingte en breedte!!

Annet: Wat makket dat no út man!? Ik sei doch dat dit ding net echt hoecht te wurkjen, ik moat it allinne earne foar brûke. (*Gryt is opkaam via de túndoar, sy hat altyd in hântas by har dy't sy sa lomp mooglik yn ien fan de beide hadden hat en dy hinget dan by har del sadat de tas omtrint njonken de ankels bongelt, sy is hyltiid dwaande, autoritêr en kommandearjend*)

Bram: Ünsin, eat wat net wurket kinne jo ek net brûke... dat sjochst doch wol oan dysels?

Annet: (*Hadden sa hâlde as soe sy immen smoare wolle en sa op Bram ta, dizze flecht efterút nei de túndoar ta, botst tsjin Gryt oan*)  
Kruithof!!!! Do hast dyn lêste stront skiten, no sil ik....

Bram: (*Sprint him vrij*) Gossie, no is it hjir nearne mear feilich.

Gryt: Ik hear it wol, reboelje op de buorkerij...ja, ja as de regeljende hân ûntbrekt...mar gjin noed...Gryt hat fan út har sosjale idealen en begrutsjen, besletten foar jimme in Ijocht yn it tsjuster te wêzen.

Bram: Haleluja...Moeder Theresa yn heechst eigen persoan is ta ús kommen...rêde wa him rêde kin.

Gryt: Hat immen dy soms om in mieming frege? Eigensinige opneuker diest der bist!!

Bram: Ho ho dame...do moatst al in bytsje om dyn wurden tinke hè.  
Ik wurdt noch altyd Bram de Ram neamt.

Gryt: Ach lit my no net laitsje man, no ja....man! Bram de Swam silst bedoele.

Bram: (*Klaaie*) Annet, moat ik my dit op myn eigen terrein allegearre mar sizze litte? Sjoch no ris hoe dat mansike mirakel my oansjocht.  
Sy klaait my mei de eagen út en dan stean ik yn de bleate kont en is de ramp net mear te oersjen.

Gryt: Yn die, as in oanklaaide Kruithof al in besiking is, moat hy neaken al hielendal in drama wêze.

Annet: Lústerje Gryt, wy wurdearje dyn noed fansels, mar earlik sein,

kinne wy ús sels hiel skuon rēde hear.

Gryt: (*Bazich troch de keamer*) Ja, ja “As it mar wier is”! Mar wat ik der fan begrepen ha is, dat it hjir sūnt fanemoarn ûntbrekt oan mankrēft, en nei’t ik oannimme mei moatsto it wark fan him no oernimme..mar wa docht hjir dan no it húshâldlik wark? (*strykt mei de finger earne oer hinne*) Sjoch, hjir kinne jo sa fetsek op skriuwe!  
Bram: Annet, asjeblyft doch wat, oars moat ik my der sels mei bemuoie.

Gryt: fan Doorn, it wurdt heech tiid datst dit mormel ris oan syn ferstân bringst dat hy him stil hâlde moat as grutte minsken oan it wurd binne... (*by de tafel*) en sjoch hjir no ris...wat in troep.

Annet: (*Driuwt har mei sêfte hân rjochting de túndoar, Bram dringt efter Annet mei op*) Gryt...mooglik dat wy ea fan dyn tsjinsten gebrûk meitsje sille...mar no, op dit stuit net (*makket de doar iepen*) wy moatte earst oan de nije tastân wenne begrypst.

Gryt: Mar jimme moatte dit net te licht opfette (*wurdt kalm nij bûten ta wurke*) want in soarchsume hân yn hûs is ûnmisber. Sjoch mar om jo hinne dan kinst krekt sjen wer as wol as net san hân tahâld, ien en al ellinde as dy er net is. Immen sil doch foar de waarme hap soarchje moatte. (*Gryt bûten, doar ticht, Annet en Bram steane letterlik mei de réch tsjin de doar, ien en al opluchting, Gryt efter dekôr*) der moat wosken wurden, strike, (*op troch it midden, doek giet kalm ticht*) bjinne, immen moat de ôfwask dwaan, de bêden opmeitsje, sokstopje, ierappels skile, skuon poetse en al dy tûzend oare dingen dy yn in.....

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**